

# O a n k u n d i g i n g


## Nije publikaasje

Koarte ynhâld

**De Fryske Taalhelp 2.0 is in produkt fan Polderland Language & Speech Technology B.V., út Nijmegen en de Fryske Akademy, en is mooglik makke troch stipe fan û.o. de Provinsje Fryslân en de Stichting Je Maintiendrai Fonds. 2007. Priis €20,00.**

**De Fryske TaalHelp 2.0 is te krijen op CD (yn in doaske) en as ynlaadbestân, beide foar €20,00 (ynkl. btw). Netwurkprizen binne op oanfraach beskikber. Boekhannels kinne de TaalHelp bestelle yn 'e webwinkel fan 'e Afûk ([www.afuk.nl](http://www.afuk.nl)).**

**Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei [info@polderland.nl](mailto:info@polderland.nl) of [aversloot@fa.knaw.nl](mailto:aversloot@fa.knaw.nl)**



As opfolger fan de suksesfolle Fryske TaalHelp 1.0 is no in skriuwhelp foar it brûken yn Microsoft® Word beskikber dy't bestiet út in Fryske staveringshifker, wurdboeken (Frysk-Nederlânsk en Nederlânsk-Frysk), markearring fan betiizjende wurden en in Fryske wurdôfbrekker. De Fryske TaalHelp 2.0 is hielendal yntegrearre yn Microsoft® Word en kin brûkt wurde mei help fan 'e knoppen dy't yn 'e arkbalk foar it ljocht komme. Tenei gjin reade kringellyntsjes mear ûnder goed skreaune wurden as e-mailadres en wurksumheden. Oars as de Fryske TaalHelp 1.0 hat de Fryske TaalHelp 2.0 in Nederlânsk-Frysk wurdboek. Dat makket de Fryske TaalHelp 2.0 tige geskikt foar Nederlânsktaligen dy't yn it Frysk skriuwe wolle. Yn it Nederlânsk-Frysk wurdboek steane likernôch 54.000 wurden.

Boppedat is de staveringshifker útwreide, is de set betiizjende wurden oanfolle en is in Fryske wurdôfbrekker tafoege. Dy wurdôfbrekker is basearre op 'e Fryske regels foar it ôfbrekken fan wurden. De Fryske TaalHelp 2.0. markearret wurden dy't gauris mei-inoar ferwiksele wurde, lykas 'bokse' en 'piip' of 'loft' en 'lucht'.

Yn it yntegrearre wurdboek Frysk-Nederlânsk steane sawat 60.000 wurden. Dêryn kinne fluch en maklik definysjes en foarbyldsinnen fan in wurd fûn wurde. Mei it wurdsjil kin alfabetysk (fierder) socht wurde nei wurden.

Ljouwert, 21 juny 2007

**Iepeningstiden *De Flits*:**  
**Fryske Akademy**  
**moarns 8.30 - 12.30 oere**  
**middeis 13.30 - 16.00 oere**  
**(sneons en moandaitemoarns ticht)**  
**telefoannûmers streekrjocht:**  
**058-2343024 of 2343025**  
**telefoannûmer algemien:**  
**058-2131414/faks 058-2131409**

**Postbus 54**  
**8900 AB Ljouwert**  
**e-mailadres: [stijmsa@fa.knaw.nl](mailto:stijmsa@fa.knaw.nl)**  
**Elektroanyske boekwinkel fia thússide:**  
**[www.fryske-akademy.nl](http://www.fryske-akademy.nl)>útjeften**  
**>boekwinkel>elektroanyske boekwinkel**  
**de boek-e-flits**